

[0240]

**BLEDFOLSEL**  
*kapraef, katteraef*

Nei oanlieding fan myn stikje oer *refter*, *rechter* yn it foarige nûmer fan dit blêd frege my de hear H. Tsjepkema, oft *raef* yn *kapraef* en *katteraef* gelyk is oan ân. *râf*, *râfr*; âhd. *râvo*, *râfo*; mhd. *râve*, *râfe*; mnl. *râve*, dy 't yn myn wurdsneuperij as ôfliedingen fan 'e ydg. stamme *rēp-*, *rəp-* 'peal, balke' to praet kamen. Dêr is neffens my gjin mis op, en ik bin bliid mei it brief fan 'e Driezumer folkstaekender, om't dêr bliken oan docht, dat it grounwurd *raef* to uzes noch yn gearsettings libbet. As der in nije kloet wêze moast, waerd der yn 'e jonge jierren fan 'e briefskriuwer wol ris tsjin him sein: „Helje efkes in moaije *kapraef* fan 't houtstek". „Dat wie in kliene spjir fan sa'n 3-4 m. Dy waerd skyld en hwat binuttige, in jelt der op en in tean der oan, en dan wie it in kloet". Tsjepkema wiist fierders op it *Rekenboeck* (1569-1573) fan Rienck Hemmema, útjown as „Estrik", nû. XIV, dêr't in kearmannich *caprauens*, *kaprauens* 'dakspjirren' yn foarkomt. Einlings bringt er noch nijfrysk *katteraef* op 't aljemint, dat neffens it Akadeemjewurdboek (1956), s. 211 de namme is foar in 'sterke, linige pols'. Dy't mear oer *kapraef* witte wol, fynt syn gading yn it *WNT*. VII 1926, kol. 1545 f., dat wiidweidich oer nnl. *kaprave* skriuwt en dêr de romte fan foarbylden fan bybringt. Foar it âldste Hollânske fynplak kinne wy noch 23 jier fierder tobek as R. Hemmema syn *Rekkenboek*. Yn in boarne fan 1546, út 'e Sieuske kontreijen, lêze wy earne: „Op deselve buyse waren genaegelt ses ofte achte lange sparren ofte *caprauen*". It tiidwurd 'kappe' hat it foarste lid fan dy gearstalling neat mei to krijen: it is it haedwurd 'kap (fan 't hûs)', dat der yn sit. Ned. *kaprave* en Frysk *kapraef* binne sadwaende lykbitsjuttend mei ier-nnl. *dakrave* (Kiliaan) 'dakspjirre'. Sawol *-raef* as *refter* is fan 'e ydg. stamme *rēp-* ensfh. ôflaet, it lêste mei help fan it ydg. efterheaksel *-tro*, dêr't yn it fiere forline gauris nammen fan ark en reau mei foarme waerden (sj. F. Kluge, *Nominale Stammbildungslehre*, 1926, § 93).

W.J. BUMA.